


LESBRIEF

DIT WIE DE PLESTIK TIID

oer in smoarch
sopsoadsje &
jonge helden

Geert-Jan Roebers,
Margot Westermann &
Michiel Spijkers



Tekst lesbrief: Elisa van Spronsen

Doelgroep: groep 5 en 6 & groep 7 en 8

© 2024 Plastic Soup Foundation

YNTRO

- Lit de cover fan it boek *Dit wie de plestik tiid* sjen. Set dêrnei in timer en lit alle learlingen binnen ien minút in plestik foarwerp op harren tafel tefoarskyn toverje. Grut, lyts, hurd of sacht – dat makket allegear neat út. Yn jim klasselokaal is fêst wol wat fan plestik te finen.
- Fertel dat *Dit wie de plestik tiid* in bysûnder boek is. It is nammentlik skreaun yn 2132, yn 'e takomst dus! We libje no yn it jier 2024. Wa kin útrekkenje hoefolle jier letter dit boek makke is? (Moai sa, dat is 108 jier letter!)
- Lis koart de ynhâld fan it boek út. Yn 2132 bestiet der gjin fuortsmytplestik mear. Yn dit boek learst alles oer de plestik tiid. Wat is plestik eins? Wêrom is it net goed foar bist, minske en natuer? En hokker jonge helden kamen yn aksje tsjin plestik?
- De skriuwer fan dit boek hat in leuke namme. Hy hjit: dr. Peter V.C. Buis. Skriuw dy namme op it digiboerd. Wa sjocht it grapke yn dy namme? Ast de letters achterinoar setst, lêsto P.V.C.-buis. (Dat is in buis fan plestik, dêr't bygelyks wetter trochhinne fierd wurdt – sjoch mar ris by de waskmachine). Ek wurken der twa bern oan dit boek mei: Mirjam en Bram. Op side 6 sjochst alle makkers fan dit boek. Lit dy side sjen.
- Dr. Buis is neist skriuwer ek archeolooch en histoarikus. Wa kin wat fertelle oer dy beroppen? (In archeolooch docht opgravingen en siket nei resten dy't minsken lang lyn achterlitten hawwe. Bygelyks in skerf, in leppel of in ketting. Of sa as yn dit boek: in plestik boadskiptaske. Sa komt de archeolooch derachter hoe't minsken froeger libben.

In histoarikus wit alles fan skiednis. Hy of sy speurt in soad yn boeken om sa mear oer de skiednis te witten te kommen).

- Lit in tal siden út it boek sjen. Sa krije de learlingen in goede yndruk fan de foarmjouwing fan it boek. Ek learlingen dy't gjin 'lêsfanaten' binne, sille dit boek oantreklik fine, troch de grutte fariâasje yn tekst en byld. Lit yn alle gefallen ek side 10 en 11 sjen. Dêr wurde de moaie en ferfelende eigenskippen fan plestik opneamd. Lit de learlingen earst sels in tal eigenskippen neame en nim dêrnei mei-inoar it listje troch.

UNDER IT LÊZEN

- De learlingen sille *Dit wie de plestiktijd* selsstannich lêze. It is fijn om in leuk plak yn te rjochtsjen, sadat it boek in prominint plak krijt. Op in spesjaal taffeltsje bygelyks. Sa wit elkenien it boek te finen. Klaai de tafel oan mei wat plestik guod út jim lokaal (of lit de learlingen dat dwaan).
- De teksten út dit boek binne ôfwikseljend en koart. It boek is dêrtroch hiel geskikt om hieltyd tuskentroch even op te pakken. Bygelyks as in learling al klear is mei in oare taak of by it frij lêzen fansels. Sa kin it boek troch de klasse rûlearje. Learlingen kieze sels hoe't se dit boek lêze. Se kinne it fan foarren nei achteren lêze of se pikke der stikjes út dy't sy nijsgjirrich fine. Ek bern út groep 5 kinne selsstannich mei dit boek oan 'e slach. Der steane nijsgjirrige feitsjes, yllustraasjes en infographics yn dy't ek oanslute by dy leeftiidsgroep.
- Lês sa no en dan sels ek in stikje foar. Ynspirearjend binne de ferhalen oer de jonge helden, dy't yn aksje kommen binne om it plestikprobleem op te lossen (sjoch side 38, 52, 66, 80, 94, 108)
- Under it lêzen meitsje de learlingen de doch-opdrachten. Der binne trije opdrachten foar groep 5/6 en twa opdrachten foar groep 7/8. In seleksje meitsje is fansels ek in opsje. As der yn in doch-opdracht wat skreaun wurde moat, stimulearje de learlingen dan om dat yn it Frysk te dwaan. De website www.frysker.nl kin dêrby helpe. Learlingen kinne dêr wurden opsykje en harren tekst kontrolearje. As learlingen de tekst yn it Nederlânsk skriuwe, kin se dy op www.frysker.nl oersetse yn it Frysk. Sa kin elkenien Frysk skriuwe.




DOCH-OPDRACHTEN

GROEP 5/6

- 1 **Blêdzje nei side 46.** Betink trije plestik dingen dy'tst thúshast dy't in lange tiid meigeane. Betink ek trije dingen dy'tst mar superkoart brûkst. Meist der ek in tekening by meitsje. Besykje dingen te betinken dy'tst net yn dit boek tsjinkommen bist. Witst it Fryske wurd ek by de dingen dy'tst betocht hast? Skriuw it derby. Hast help nedich by it betinken of skriuwen fan de Fryske wurden? Gean dan nei www.frysker.nl, dêr kinst wurden opsykje, oersetse of neisjen.
- 2 **Blêdzje nei side 104.** Dêr sjochst plestik foarwerpen dy'tst net beslist hoechst te brûken. Sa kinst bygelyks prima út in papieren reidsje drinke, yn plak fan út in plestik reidsje. Meitsje in listje fan fiif plestik dingen út dyn klasselokaal. Kinste dêr in oar foarwerp foar yn 't plak betinke? In ding dat net fan plestik is? Meist dyn listje ek yn it Frysk skriuwe. Ast help nedich hast by it betinken en skriuwen fan de Fryske wurden, gean dan nei www.frysker.nl. Dêr kinst wurden opsykje, oersetse of neisjen.

- 3 **Blêdzje nei side 39.** Lizzie Apsey (9) skreau in brief út namme fan in walfisk. Sa lei se út wêrom't swimmen tusken it plestik foar in walfisk in poermin idee is. Do silst ek sa'n soarte opropke skriuwe foar in bist. Kies út in seeskyldpod (side 40), in seehynderke (side 28), in geit (side 68) of in rob (side 96). Betink hokker problemen oft it bist datstokiest hat troch plestikfersmoarging. Skriuw ûngefear tsien rigels en meitsje dêr in passende tekening by. Skriuw dyn brief yn it Frysk. Ast help nedich hast by it betinken en skriuwen fan de Fryske wurden en sinnen, gean dan nei www.frysker.nl. Dêr kinst wurden opsykje, sinnen oersetse of dyn Fryske brief neisjen.





GROEP 7/8

- 1 Blêdzje nei side 44. Dêr lêsto oer feestjes wêrby't in soad fuortsmytplestik brûkt wurdt. Meitsje in plan foar dyn eigen plestikfrije jierdeifeest. Ferwurkje yn alle gefallen de antwurden op dizze fragen yn dyn feestplan:
 - 1 Wêr fiersto dyn feest?
 - 2 Hoe fersiersto de boel?
 - 3 Wat sille jim ite en drinke? En watfoar bestek en bekers brûksto dêrfoar?
 - 4 Hokker aktiviteit silsto mei dyn freonen dwaan?
 - 5 Hokker kadootsjes soesto krije?Betink in geweldich en fantastysk feest. It mei sa gek wurde asto sels wolst. Allinnich dus wol hielendal sûnder plestik.
- 2 Betink in plestik-challenge foar jim klasse. Slagget it bygelyks om ien dei mei syn allen gjin plestik te brûken? Of in wike gjin fuortsmytplestik mei nei skoalle te nimmen? Of wat tochtst fan in moanne lang gjin foarferpakt iten yn jim bôletrompkes? Betink wat leuks, dat tagelyk ek helber is. Skriuw alle regels fan de challenge sa presys mooglik op, oan 'e hân fan dizze fiif w's:
Wa?
Wat?
Wêr?
Wannear?
Wêrom?
Skriuwst dyn regels yn it Frysk en hast dêr help by nedich? Gean dan nei www.frysker.nl, dêr kinst wurden opsykje, sinnen oersetse of dyn Fryske tekst neisjen.

afûk

PLASTIC SOUP FOUNDATION


de Klyster

